

Wat wit in minske fan minsken dy't er ken?

FD 4-1-'14

Frysk

troch Abe de Vries

Jaap Krol, skriuwer, kritikus en kollumskriuwer foar it *Friesch Dagblad*, is wat men neame kinne soe in skriuwer foar skriuwers. Net in spontane ferhaleferteller of in smoute stoarje-opheller, mar it type skriuwer dat de lêzer mei syn klam op perspektyf en technyk útdaget en op 'e proef stelt. Syn ferhalen freegje gauris aardich wat ynspanning fan de lêzer, dy't troch Krol om samar te sizzen hieltyd ûnderfrege wurdt: kinst my noch wol byhâlde? Sjochst wol wêr't ik hinne wol?

Nei syn debút, de ferhalebondel *Wettersek* (2002), ferskynen *Nûmers*. 35 húskeamer-

ferhalen (2004) en de roman *M/F* (2006). Opfallend oan syn skriuwerskip wie al dalik dat er him net rjochte op oantinkens, mar dat er it oer de wrâld fan hjoed hawwe woe. By kritisy hat syn wurk yn 't generaal in geunstige ûntfangst krigen: *Wettersek* waard nominearre foar de Fedde Schurerpriis 2005, en foar *M/F* krige er de Fedde Schurerpriis 2008. Nûvergenôch waard fan him net ien fan beide priiswurdich achte boeken meinommen nei de Frankfurter Buchmesse dit jier, mar it net nominearre of bekroane *Nûmers*.

In grut publyk hat Krol oan no ta net berikt, dêrfoar binne syn ferhalen lykas sein faaks tefolle 'skriuwersferhalen'. Hy lit in protte wei, brûkt in

keale styl, skriuwt net bûtenwenstich moai Frysk en syn personaazjes binne gauris isolearre minsken dy't folslein yn harren eigen wrâld libje. Lykas de eksperimintele skriuwersgeneraasje fan Trinus Riemersma en Josse de Haan leit Krol syn lêzers no ienris net graach yn 'e watten. Om koart te kriemen: hoe't it ferhaal ferteld wurdt, is belangriker as wat der ferteld wurdt.

Mei syn nijste ferhalebondel *It fûgelgebed* set Krol fierder troch yn dy rjochting. Yn 24 ferhalen 'ûndersiket de skriuwer de ferwachtings fan syn personaazjes (lykas harren yllúzjes) yn de hoop ticht by harren te kommen', seit de achteroptekst. Wat de ferhalen ferbynt, is dat der hieltyd

wat misrint yn de ferwachtingen fan de lêzer. Dy hopet op ynformaasje dy't er wend is te krijen fan in skriuwer, mar dat bart lang net altyd.

Ferfrjemding

Sadwaande taastet er altyd in bytsje yn it tsjuster oer dyjingen dêr't oer lêst - en is dat gauris ek net yn werklikheid sa? In ferrassende konklúzje: Krol koe krekt tanksij de ferfrjemding yn syn ferhalen wolris de meast realistyske skriuwer wêze dy't it Frysk op dit stuit ryk is. Want sis no sels, wat wit in minske eins fan de minsken dy't er ken?

Yllustratyf foar de bondel is it twadde ferhaal, *It bêzje balkon*. Dat giet oer in ferhuzing. Immen ferhuzet en wurdt dêrby

holpen troch 'syn bêste maat', dy't lêst hat fan 'oanberne lûheid'. It docht bliken dat dy bêste maat ek 'de bêste eks' fan de ferhúzjende persoan is. Dan binne der ek noch in frou dy't op in balkon smóokt en in snieskower yn in bêzje jas. Se ha allegear wat meielkoar te krijen en in dield ferline, mar hoe en wat krekt, dat bliuwt ûndúdlik. Bytsjes en brokjes, mear jout de skriuwer fan *It fûgelgebed* ús net. En dat is presys de bedoeling.

1 *It fûgelgebed*. Jaap Krol. Borrumer, De Gerdyk, 15 euro

Jaap KROL
FUGEL
GEBED

